Skilder Hendrik Elings: 'Ik koas Hotze om syn markante kop'

Keunst, muzyk en sport binne de trije passys fan Hendrik Elings. De keunst nimt yn syn bestean wol it belangrykste plak yn. It skilderjen is syn breawinning, al wol er dat eins gjin 'wurk' neame, it is noch altyd in hobby, dy't er mei grutte hertstocht beoefenet (www.hendrikelings.nl). In oare hobby is de muzyk. Bugelspiler yn it korps Excelsior en drummer yn alderlei formaasjes, op 't heden it meast yn de Rebound Boogie Bent. De 'bent', mei fierder Hein Jaap Hilarides op toetsen en akkordeon en Johan Kramer op bas, spilet nûmers yn it Biltsk, skreaun troch Hein Jaap.
En dan is der ta beslút de sport: wetterpolo.

Op guon fan syn bisteskilderijen, dêr't Elings bekend mei wurden is, kinne jo in knypeach nei dy sport ûntdekke. Hjir en dêr hat er in baarch of in aap sa'n cap opset, dy't wetterpoloërs drage, se krije der op slach in minsklik gesicht fan. Koartby hat er ek in searje skilderijen makke, ynspirearre op it swimbad.
En wannear kinne wy in searje oer it keatsen ferwachtsje? Elings:
'Ik dink niet dat 't soafeer komt. Dan wort 't folklore en blyft 't in 't anekdoatise hangen. Te Jopie Húsmanachtig, met 'n kaatsbal en 'n kaatshandskoen. Dat sentiment sait my niks.'

Us bekrûpt in gefoel fan lichte teloarstelling. Hendrik Elings, yn 1967 berne te Sint Anne, wie in fertsjinstlik jongeskeatser. Hy sleepte in grut tal prizen yn 'e wacht. Mei Pieter Tienstra en Gerrit Bylsma wûn er op de Freule fan 1984 de twadde priis foar Sint Anne. It sulveren horloazje leit yn it finsterbank fan syn atelier.''*t Loopt al lang niet meer.'*



Hendrik Elings: selsportret (1994). Foto: Hendrik Elings.]

Fiif jier letter waard itselde partoer twadde op de Jong Nederlandpartij.

'Wy binne d'r baide keren ôfsloegen deur Gerben Okkinga. Bij de Freule kwam-y foor Arum út, op 'e Jong Nederland foor Huzum. Gerben waar 'n 'bút-tenkategory'. In útnoadigingswedstriden hew ik bij de jonges nag wel 's wat met him wonnen, hij as achterînse, ik foorin. Och, ik had meskien wel 't talint om 't hogerop te skoppen, maar 't fuur ontbrak. Pieter Tienstra had dat wel. Maar ik socht ok ôflaiding in de mezyk, sat in bentsys en dan worde 't avens laat. Dan kon ik de konsintrasy niet meer opbringe.'

Hy siet doe wol yn in lichting fan knappe jongeskeatsers dy't allegear like fûl wiene op 'e bal. Elings neamt neist Okkinga en Tienstra bygelyks Rinse Bleeker, Sake Porte, Willem Heeringa en Eelke Idsardi.

Keatskeunst

As oantinken oan syn gloarjejierren by de jonges is der aldergeloks noch al it selsportret dat er yn 1994 skildere hat, Hendrik yn it shirt fan Sint Anne mei de krânse om. Hy hie doe it keatsen al achter him litten en krekt de oplieding skilderjen en tekenjen foltôge oan de Hogeschool voor de Kunsten yn Utert.
It keatsen joech him fierder gjin ynspiraasje foar syn keunst, oant er yn 1998 in opdracht krige yn it ramt fan de fiering fan 'Fryslân 500'.
Yn Frjentsjer woene se de Hertog van Saksenleane folhingje mei portretten fan bekende figueren út fiifhûndert jier Fryske skiednis en dy skilderje litte troch Fryske skilders. Hendrik Elings liet it each falle op Hotze Schuil.

'Ik hew 'm koazen om syn skilderachtige kop. Ik hew wat foto's bestudeerd en as 'link' met 't kaatsen wou ik 'm ôfbeelde met 'n kaatsbal in 'e mônd. Ik belde 'm op om te fragen hoe't-y dat fon. Nou, dat fon-y wel best, maar, saai-y, dan most wel sels even 'n kaatsbal metnimme, want die hew ik hier niet. Dat fon ik wel heel besonder. Krekt as sou Johan Cruijff thús gyn foetbal hè en Keith Richard gyn gitaar meer.'

Nei dy iepenbiere strjitte-útstalling krige it portret in plakje yn it Keatsmuseum.

'Doe't ik der foor 't eerst hine gong, om even te kiken hoe't 't der hong, fertelde 'n frijwilliger fan 't museum die't niet wist wie't-y foor him had, hij docht 'n gewoane besoeker, dat 't skilderij eerst niet deur de deur kon. Doe hadden se d'r maar 'n stikky ôfhaald. Ja, je motte praktys weze. Ik fon 't niet erg. At-y 't niet said had, waar 't my niet eens opfâlen.'

Heit

Yn dy tiid hat Elings mear as ien Hotze skildere, yn ferskillende poazes sûnder keatsbal.

''t Gong my niet om Hotze as kaatser, maar om syn útstraling. 't Waar 'n fryndlike reus.'

Hendrik Elings hie oant in pear jier ferlyn syn atelier yn Ljouwert, yn it âlde stedsfersoargingshûs yn de Haniasteech. Hy hâldt dat noch wol oan, mar wurket no meast yn de âld loads fan it eardere proeffruittyltbedriuw yn Sint Anne, dêr't syn heit bedriuwslieder wie. Heit wennet noch yn it hûs dat der foar stiet, op 'e grins fan it doarp. Hendrik sels is twa jier ferlyn fan Ljouwert nei Sint Jabik ferhuze. It útsicht op de wide romte hat him fuort ynspirearre ta it skilderjen fan lânskippen. Hoe't dat útpakt, is ûnder oaren te sjen yn it boek *Het witte hemd van mijn vader*, dat yn septimber 2008 yn it Abe Lenstra Stadion op It Hearrenfean presintearre waard.

De titel ferwiist nei in skilderij dat er fan syn heit makke hat sa't er him fan jongsôf oan sjoen hat: nea yn in kreas pak, altyd yn in wyt himd. Dêrtroch is er it meast himsels neffens syn soan, yn dy healneakene steat toant er syn krêft en kwetsberens tagelyk.

Abe

It boek is in útjefte fan stichting De Hooghe Kamer yn Hoogeveen. Dy fûn dat der neist it byld fan Abe Lenstra ek ferlet wie fan in skilderij fan de grutmaster. De stichting joech Elings de opdracht dêrta. Nei yngeande stúdzje fan foto's fan Abe hat er de fuotballeginde ôfbylde yn it pompeblêdeshirt, en net yn aksje, mar yn 'e rêst: de earmen oer elkoar, de bal lizzend oan 'e rjochterfoet. En fansels mei it karakteristike bosk hier foar op 'e holle: 'Herman Brood avant la lettre.' Op 'e dei fan de boekpresintaasje is it libbensgrutte skilderij oanbean oan de sc. Heerenveen,

De keatspartij sels en omballingen

De jierlikse grutte Boalserter keatspartij fan 1892 waard op freed 26 augustus hâlden. Dat wie blykber in moaie gelegenheid om de keatsers foar Skeveningen út te sykjen, sa't in artikel yn de *Bolswardsche Courant* fan 1 septimber sjen lit. Ik basearje my foar de kommende alinea's fierhinne op dat stik.

> 'Toen in de Kermis den 26 Aug. alhier een wedstrijd werd gehouden, hadden zich p.m. 40 personen aangemeld om te Scheveningen mede te kaatsen, waaruit de volgende 12 personen zijn uitgenodigd tot deelname'.

Dan neamt de krante dizze 12 spilers, meast betûfte knapen: Johannes Anema (Skingen), Johannes Bierma (Sint Jabik), L. Boersma (Arum), Hemke Elzinga (Holwert), Lammert Skeltes Hilarides (Penjum), Pieter B. Yetsenga (Arum), Eeltsje A. Kooistra (Wytmarsum), Jan A. Osinga (Sint Jabik), Jan Reitsma (Penjum), Renze H. Schipper (Sint Jabik), Cornelis B. van der Weg (Tsjummearum) en Sijbren S. Westra (Arum).

In nijsgjirrich detail is dat Lammert Skeltes Hilarides en Pieter Baukes Yetsenga dy freeds net op de list fan 13 partoer yn Boalsert stienen.[23] Dochs gongen sy dus mei nei Skeveningen. Spile dêr har (grut-)boerestatus yn mei? De list waard fierder noch oanfold mei twa Súd-Hollânske partoeren, it iene út Berkenwoude, it oare út Stolwijk, twa plakjes eastlik fan Rotterdam.[24]

Boppesteande foto op de PC fan woansdei 28 july 1897 lit noch mar in part sjen fan de PC-ynstjoering foar de 'wereldtentoonstelling' fan 1897. Foto: Meijer & Co. Argyf PC.

De keatsers hoegden de reis net sels te beteljen:

> 'Een bepaald bedrag voor reis- en verblijfkosten wordt desverkiezende aan de kaatsers vergoed, terwijl zij een som van *f* 3,- als waarborgsom moeten storten, die evenwel bij aanwezigheid op het terrein van den wedstrijd wordt terug gegeven.'

Op grûn fan dat sitaat út it notuleboek fan Boalsert meie wy oannimme dat de organisaasje yn Skeveningen foar de kosten stie.
Der wie úteinlings foar seis keatsers (folle) mear te heljen: 'Drie prijzen ieder ter waarde van *f* 40,- en drie premieën ieder ter waarde van *f* 15,- in voorwerpen door de Directie der Sporttentoonstelling aangekocht'.

It bestjoer fan Boalsert en de 12 keatsers setten de sneontemoarns fóár de wedstriid mienskiplik út Boalsert wei ôf nei Skeveningen.[25] It gong om in lange reis, al koe dy fierhinne mei it spoar ôflein wurde. De mannen sille de moandeis dêrop de weromreis oangongen wêze.[26] It wie, ien mei oar, uteraard gâns in ûndernimmen, hielendal yn dy tiid.

Keatserswaar, in 'fraai terrein', mar gjin boppeslach

De omstannichheden dêr't in dei letter ûnder keatst waard, wienen goed:

> 'Het weer liet niets te wenschen over en was juist voor het kaatsen geschikt: geen regen, geen wind en geen zon. Ook het terrein was fraai; het was een uitgestrekt en vlak grasveld, zonder greppels of kuilen. Op mooier terrein werd misschien zelden gekaatst.'

Likegoed waard de keatserij om mear as ien reden gjin súkses. By sa'n lange ôfstân ûntbriek publyk út Fryslân fansels.[27] Der kaam ek fierder mar in hantsjefol folk op de partij ôf. De ûnbekendens fan it keatsen yn Skeveningen (en wide omkriten) sil dêr fêst yn meispile hawwe. Ek de foar in bûtensteander ûnbegryplik lykjende spulregels moatte in beswier west hawwe. Dat der sa'n bytsje minsken wienen, lei him beslist net oan de dei sels: mar leafst 6.916 persoanen besochten dy sneins de tentoanstelling, 'het grootste tot dusver verkregen getal.'[28] By myn witten wienen der dy deis gjin oare wedstriden. Der liket trouwens net folle reklame foar de wedstriid makke te wêzen: oars as foar guon oare ûnderdielen, haw ik teminsten gjin advertinsjes fine kinnen.

De dei moat ek ferfeelsume lang west hawwe. De list telde dus seis partoer en dêrmei fiif partijen, dy't achterinoar spile waarden. Tuskentroch, nei ôfrin fan de earste omloop, mochten de Súd-Hollanners har spul, 'dat uit aardigheid ging', ek noch demonstrearje. Ien en oar moat dus oeren en oeren koste hawwe. Under sokke omstannichheden koe it keatsen frjemden ienfâldichwei net oansprekke. En foar wa't der noch al wie: neist de ûnderskate útstallingsromten sille de horekagelegenheden, mei moaie binnentún by it tentoanstellingsgebou, sûnder mis lokke hawwe.

In oar, sportyf probleem foarme it ferskil yn spulwize tusken de Fryske en de Súd-Hollânske spilers. De lêsten hienen dêrby de handikap dat der op de Fryske manier keatst waard.[29] Dat joech foar har foaral by it opslaan swierrichheden: se wienen wend om de bal fia in tamis, in skean steande seef op trije poatsjes, yn it spul te bringen. It resultaat wienen driuwerkes en dy koenen dus maklik weromslein wurde. Dat lêste draaide it yn it Súd-Hollânske spul oars ek om. Fierder soarge de lytse, hurde bal foar problemen: hy die de Súd-Hollanners sear oan de hannen. Ek de opslachôfstân hienen se muoite mei: 'De opslag werd bijna tot de helft verkleind en toch sloegen de Stolwijkers nog telkens te kort.' It wie gjin wûnder dat op sa'n wize de Friezen de Súd-Hollanners maklik oer koenen.
De bysûndere partij waard nei in finale fan 5-5 en 6-2 úteinlings wûn troch Johannes Bierma (Sint Jabik), Jan Reitsma (Penjum) en Eeltsje Kooistra (Wytmarsum).
De premy wie foar Pieter Yetsenga (Arum), Cornelis van der Weg (Tsjummearum) en Sijbren Westra (Arum).[30] Dat wienen foar in part deselde winners as 16 dagen earder yn Boalsert en boppedat net oars ferdield oer priis en premy. Yn Boalsert wie nammentlik de priis wûn troch Jan Osinga (kening; Sint Jabik), Johannes Bierma (Sint Jabik) en Hemke Elzinga (Holwert) en de premy troch Cornelis van der Weg (Tsjummearum), Tj. B. van der Weg (Furdgum) en Sijbren Westra (Arum).

De fersulvere messen en foarken fan Jan Reitsma. Yn ien fan de messen stiet gravearre 'Kaatspartij Scheveningen 11 Sept 1892.', yn in foarke: '1ste prijs J. Reitsma'. It spul is goed bewarre bleaun. Foto: John van Geffen. Kolleksje Keatsmuseum.

De prizen

It totale bedrach oan prizen, de 1ste mei in wearde fan *f* 120,- en de 2de fan *f* 45,-, wie heech. It grutte ferskil dêrtusken wie oant de ein fan de 19de ieu ta hiel gewoan.[31] It is al de fraach oft alle keatsers wol sa wiis west hawwe mei de prizen sels: de earstepriiswinners krigen elk seis fersulvere messen en seis fersulvere foarken, de premywinners in rookstel, op in fersulvere foet, beide tradisjonele prizen. Dy sille grif de neamde bedraggen koste hawwe, mar de keatsers sille se like wis net foar dy priis kwyt kinnen hawwe. Soks ferklearret miskien ek dat fan no krekt in breakeatser as Jan Reitsma de 1ste priis bewarre bleaun is: hy hat dy net (goed) ferkeapje kinnen. Dat is foar keatsleafhawwers in tafallerke, want hy foarmet hjoeddedei ien fan de skatten fan it Keatsmuseum.[32] En it is ek moai dat der boppedat noch in rookstel bekend is. Dy is no yn it besit fan famylje fan premywinner Sijbren Westra (in jongere broer fan Willem Westra, de earste bûnsfoarsitter).[33]

It diploma - in litografy - fan Johannes Bierma. It is in mânsk gehiel: bûten de list hast 70 by goed 50 sintimeter. Foto: John van Geffen. Kolleksje Keatsmuseum.

Diploma's en medailles

It is eins hiel bysûnder dat der nóch wat oerbleaun is fan de keatspartij yn Skeveningen. Op grûn fan ûnder mear in koart stikje yn de Ljouwerter krante fan 9 novimber 1892 wie it my bekend dat de seis winners en de bestjoersleden fan Boalsert allegearre 'een herinnerings-diploma' krigen hienen. Boppedat waarden de lêsten elk ek noch betocht mei in 'bronzen medaille'.[34] Neifraach ferline jier by it hjoeddeiske bestjoer fan Boalsert oft der noch wat bewarre wie fan medailles en diploma's, hie ta myn spyt neat opsmiten.

No wist ik earder al dat der doch noch in 'herinnerings-diploma' wêze moast. It stik hong yn de gong fan Johannes Bierma fan Lelystêd, pakesizzer fan nammejouwer en priiswinner Johannes Bierma.[35] Dat by it keatsen útdielde diploma, in hiel bysûnder en dêrtroch kostber dokumint, hat de famylje Bierma ferline jier yn brûklien oan it Keatsmuseum ôfstien. It diploma, dat oars yn grutte oantallen printe wêze moat[36], is makke troch Otto Eerelman, ek al yn syn tiid in bekend keunstner. Dêr stiet ûnder mear op te lêzen:

> 'Eerste Prijs toegekend aan Johs D. Bierma te St Jacoba-Parochie.- ter Gelegenheid van de Kaatswedstrijd.- Scheveningen, 30 September 1892.[37] De RegelingsCommissie Voorzitter [net ynfold] Het Uitvoerend Comite van der Oudermeulen Voorzitter P. van Marle Secretaris Gedelegeerd Commissaris [net ynfold]'.[38]

Beskermfrou fan de tentoanstelling wie 'H.M. de Koningin Regentes', Emma mei oare wurden (yn 1898 opfolge troch Wilhelmina, dy't doe 18 waard). De liuwen middenûnderoan en de spreuk 'Je Maintiendrai' binne ferwizingen nei de Nederlânske ienheidssteat, se foarmje dus *nasjonale* symboalen. It nasjonale karakter waard nochris ûnderstreke troch in grutte ynstjoering fan it Keningshûs, dy't yn in aparte romte ûnderbrocht wie. It hie ek de bedoeling west dat Keningin-Regintes Emma de útstalling iepenje soe, mar dy koe fanwegen in bûtenlânske reis de earste juny net. Omdat dy datum in pear dagen foar it drokke pinksterwykein en it begjin fan it baaiseizoen foel, woe de organisaasje de iepening net fersette.

Nijsgjirrich yn sporthistoarysk opsicht binne de symboalen op it diploma, dy't nei âlde fermaken en moderne sporten ferwize. Fan links nei rjochts binne yn alle gefal útbylde: *de jacht* (mei weitas, jachthoarn, jachttrofee en gewear), *it hynsteriden* (mei in seal), *it belslydjeien* (mei in belslide), *cricket* (mei bat en ballen), *it tennisjen* (mei racket en ballen), *it kegeljen* (mei kegel), *de wintersport* (mei ski's en redens), *de fytssport* (mei fyts) en *it roeien* (mei roeiriem; neist de fisktonne). It gehiel is omjûn troch in gerdyn fan fisknetten, dat iependien wurdt troch in Skeveningsk fiskersfamke, liket my ta. Sa lit it diploma yn it lyts en ta keunst bestjurre sjen wat him yn it grut en yn de werklikheid dy fjouwer moannen ôfspile hat. Foar wa't yn sport - âld en nij, regionaal en (ynter)nasjonaal - ynteressearre wie, én in pear bûssinten en wat frije tiid hie, moat it in fantastyske simmer west ha. En dat op in moai plak en yn in oantreklik fermidden.

Yn deselde snuorje dat ik kontakt krych mei de Bierma's, socht ik op it ynternet om ynformaasje oer de keatserij yn Skeveningen. Dat smiet, bûten gâns krantestikken en -stikjes, heechstwierskynlik ek noch in eksimplaar fan de grutte, brûnzen medaille op. De achterkant lit, om it Haachske wapenskyld mei de earrebarre hinne, wer symboalen sjen fan tradisjonele fermaken as de jacht en fiskerij (mei hazze, hart en fisken) én ferwizingen nei moderne sporten as cricket, tennisjen, fytsen, skermjen en hynstesport. Krekt lykas in noch net ynfold diploma, stiet sa'n medaille foar de hiele tentoanstelling.[39] De foarkant befettet in boarstbyld fan (takomstich) Keninginne Wilhelmina.

In eksimplaar fan de brûnzen medaille dy't de bestjoersleden fan Boalsert en de priiswinners fan it keatsen krigen hawwe sille. De royale medaille is fiif sintimeter yn trochsneed. Foto: John van Geffen. Kolleksje Pieter Breuker.

Beslút

It is fansels moai dat it keatsen fertsjinwurdige wie op de grutte, ynternasjonale sporttentoanstelling en sportmanifestaasje fan 1892 yn Skeveningen. It hie noch moaier west as it dêr better ta syn rjocht kommen wie. Mar as men reëel is, koe dat hielendal net. It keatsen, ienris ek it fermaak fan geastlikheid, adel en hegerein, wie, om mei Johannes le Francq van Berkhey te praten, noch foar 1700 ferfallen ta in 'boerenspel'. Dy sosjale daling fûn syn wjerslach yn in geografyske krimp. Fryslân net meirekkene wie it keatsen oan de ein fan de 19de ieu, op inkelde plakken nei, útstoarn.[40] It spul moat, keatsers en bestjoer fan Boalsert eefkes net meirekkene, hast net ien fan dy 6.916 besikers wat sein hawwe.

De hiele gong fan saken yn Skeveningen wiist der ek op dat it keatsen dêr as in marzjinaal spultsje opfette waard: it lette taheakjen oan it programma (en dan ek noch allinnich as sportyf ûnderdiel), de lytse publike belangstelling foar de partij sels en it ûntbrekken fan ferwizingen op diploma en medaille nei it keatsen. Fierder kin fêststeld wurde dat Skeveningen net bydroegen hat ta in algemiene oplibbing fan

it spul. Fansels, der soe folle faker om utens keatst wurde, mar selden mear yn in *nasjonale* kontekst.[41] It gong dêrby hast altiten om Fryske inisjativen, fan it yn 1897 oprjochte Keatsbûn of fan Friezen om utens. Skeveningen 1892 kaam 'gewoan' te let, fierstente let sels.

Pieter Breuker

Boarnen

Anonym ['Een Andijker kaatser']. 'De Andijker kaatsers'. Yn: *Franeker Courant*, 16 augustus 1888, s. 2.

Anonym. *Exposition Internationale et Rétrospective du jeu de balle organisée […] par le cercle L'Avenir A l'occasion de son X^e^ anniversaire 1887-1897.* S.p. [Brussel], s.j. [1897].

Arnoldussen, Paul. *Amsterdam 1928. De Spelen in Nederland.* Amsterdam, 2008[2].

Bolswardsche Courant (inkelde artikels).

Breuker, Pieter. "Boerenkaatsen' in Zuid-Holland: een verdwenen cultuurgoed'. Yn: Deselde. *Oan de hang. In samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer.* Dronryp, 1998, s. 66-82.

Breuker, Pieter. 'De PC en de Belgen: in súksesfol partoer'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (ein-red.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, s. 104-113.

Breuker, Pieter. 'De prizen: striid om jild en eare'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen. *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, s. 148-158.

Breuker, Pieter. 'Keatsen, keunst en 'De Belgen''. Yn: *De Moanne*, jrg. 3 (2004), nû. 9, s. 19-23.

Breuker, Pieter. "Sport' in het Nederlands. Introductie en acceptatie van woord en activiteit in Nederland (1840-1900)'. Yn: *Sportimonium; Verderzetting Nieuwsbrief van de Vlaamse Volkssportcentrale*, jrg. 28 (2008), nû. 3-4, s. 67-79.

Breuker, Pieter. 'Kaatsers, kasteleins en bestuurders. Materialisme en idealisme (1750-1923)'. Yn: Goffe Jensma en Pieter Breuker (red.). *Friese sport. Tussen traditie en professionalisme*. S.p. [De Gerdyk], 2009, s. 107-150.

Feith, Jan. *Het boek der sporten*. Amsterdam, s.j. [1900].

Guttman, Allen. *From Ritual to Record. The Nature of Modern Sports.* New York, 1978.

Jensma, Goffe en Pieter Breuker (red.). *Friese sport. Tussen traditie en professionalisme*. S.p. [De Gerdyk], 2009.

Jong, Anne de. 'West-Fries kaatsen in 2005'. Yn: *De Keatsfreon* 16 (2006), s. 44-47.

Jonker, Remko. Brief fan – d.d. 19 july 2000 oan Pieter Breuker.

Leeuwarder Courant, ûnderskate artikels (te finen fia www.archiefleeuwardercourant.nl).

Mulier, W[ille]m. 'Onze Friesche Kaatsers te Brussel'. Yn: *Eigen Haard. Geïllustreerd Volkstijdschrift*, jrg. 1896, nû. 33 (15 augustus), s. 516-519.

Notuleboek keatsferieniging Boalsert (in stikmannich ferslaggen).

Notuleboek PC (in stikmannich ferslaggen).

PC-argyf.

Ven, Dirk Jan van der. *Neerlands Volksleven*. Amsterdam, s.j.[2].

http://www.koninklijkhuis.nl/content.jsp?objectid=23479

Zandbergen, Gijs. *Pim Mulier, ijdel maar weergaloos*. Amsterdam, 1996.

Noaten

1 Yn 1886 wie der ek noch in partij, mar oars as yn de beide jierren dêrfoar, seit de advertinsje foar de wedstriid likemin as de redaksjonele oankundiging en it ferslach yn de *Leeuwarder Courant* (3 september 1886, s. 5 resp. 6 september 1886, s. 1 resp. 7 september 1886, s. 2) wat oer in eventuele rol fan de PC. Dêrmei komme de notulen fan de PC oerien: dy neame wol 1884 en 1885, net 1886. Koe Huzum it nei twa jier sels wol berêde?

2 Sjoch foar in beskriuwing fan de Friezen yn Brussel: W[ille]m Mulier. 'Onze Friesche Kaatsers te Brussel'.
Yn: *Eigen Haard. Geïllustreerd Volkstijdschrift*, jrg. 1896, nû. 33 (15 augustus), s. 516-519.
Sjoch ek: Pieter Breuker. 'Keatsen, keunst en 'De Belgen''. Yn: *De Moanne*, jrg. 3 (2004), nû. 9, s. 19-23.

3 It soe de muoite wurdich wêze om nochris yngeand te skriuwen oer de keatsorganisaasje foar 1897. Fansels, der is al in hiel protte bekend oer belangrike ûnderwerpen as it kastleinskeatsen, de (oprjochting fan de) PC en de skiednis fan de keatsferienigingen dy't foar 1897 stichte binne, mar in gearhingjende stúdzje ûntbrekt. Dêryn soe ek romte wêze moatte foar de bredere sportive en maatskiplike kontekst.

4 Boalsert hat wat keatskontakten om utens oangiet, noch altiten in namme heech te hâlden. De ferieniging organisearret al jierrenlang mienskiplike partijen mei de keatsers yn it Noard-Hollânske Onderdijk/Wervershoof: 'Daarbij wordt er 's morgens Fries en 's middags West-Fries gekaatst.' Sjoch: Anne de Jong. 'West-Fries kaatsen in 2005'. Yn: *De Keatsfreon* 16 (2006), s. 45. De PC hie as earste kontakten mei de Noard-Hollânske keatsers krigen, al yn 1888 (sjoch noat 29). Woe Boalsert ek yn dit stik fan saken net ûnderdwaan foar de PC?

5 It is yn ús eagen opfallend dat it fiskjen (as berop) ûnderdiel fan de útstalling wie. Dat sil grif te krijen hawwe mei de lokaasje (it fiskersplak Skeveningen) en mei de kommersjele belangen dy't de ynstjoerders fan de eksposysje hienen.

6 Sjoch: Paul Arnoldussen. *Amsterdam 1928. De Spelen in Nederland.* Amsterdam, 2008[2], s. 175.

7 Seis jier letter soe de hiele nasjonale sportwrâld him noch in kear sjen litte, mar de manifestaasje duorre doe mar ien dei. As ûnderdiel fan de ynhuldigingsfeesten fan Keningin Wihelmina presintearren har op 22 septimber 1898 op Clingendael by Den Haach in lyts 500 sportferienigingen en sportbûnen yn in lange optocht. It gong ek dêr wer om in kombinaasje fan âlde fermaken en moderne sporten. Ek it Keatsbûn wie fertsjinwurdige 'met zijne vereenigingen als: Jan Bogtstra en de Eendracht te Franeker, Bolsward te Bolsward en Jan Zeinstra te Herbayum'. Sjoch: *http://www.koninklijkhuis.nl/content.jsp?objectid=23479*
In as folslein bedoeld oersjoch yn boekfoarm fan âlde fermaken en nije sporten ferskynde yn twa jier letter: Jan Feith. *Het boek der sporten*. Amsterdam, s.j. [1900].

8 Fabrikanten hienen in grut kommersjeel belang by de tentoanstelling. Se lieten dêr har nijste produkten sjen, bygelyks fytsen of redens. En fierder hie uteraard ek Skeveningen sels foardiel by alle belangstelling.

9 In ferklearring dêrfoar soe wêze kinne dat it ûndersyk nei boarnemateriaal frijwat lestich is en tiid fret: it giet, neist in inkelde, min te achterheljen katalogus-, boek- of tydskriftepublikaasje foaral om hast altiten lytse, lang net allegearre digitaal beskikbere krantestikjes, brieven en oare egodokuminten.

10 Ik sil foar de algemiene ynformaasje oer de 'Sporttentoonstelling' net hieltiten nei myn boarnen ferwize: dat soe in lange, lange rige fan krante-artikels opsmite, foaral út de *Leeuwarder Courant* en de *Nieuwe Rotterdamsche Courant*. Yn myn artikel oer de hiele 'Sporttentoonstelling' sil ik uteraard wol mei in folsleine boarne-ferantwurding komme.

11 Sjoch foar fierdere ynformaasje: Goffe Jensma en Pieter Breuker (red.). *Friese sport. Tussen traditie en professionalisme*. S.p. [De Gerdyk], 2009; Pieter Breuker. "Sport' in het Nederlands. Introductie en acceptatie van woord en activiteit in Nederland (1840-1900)'. Yn: *Sportimonium; Verderzetting Nieuwsbrief van de Vlaamse Volkssportcentrale*, jrg. 28 (2008), nû. 3-4, s. 67-79.
Sjoch foar algemiene ferskillen tusken âlde fermaken en moderne sporten: Allen Guttman. *From Ritual to Record. The Nature of Modern Sports.* New York, 1978, s. 15-55.

12 Der moat ferskil makke wurde tusken dat part fan de útstalling dat yndustriële produkten sjen liet en in oar diel dat in byld joech fan de histoaryske kant fan de tentoanstellingsûnderdielen, de saneamde 'retrospectieve'.

13 'Zevende jaarverslag over den toestand van de Kaatsvereeniging "Bolsward", gedaan in de Algemeene vergadering op Donderdag 4 Augustus 1892'. Yn: notuleboek k.f. Boalsert. Mei tank oan Lammert Leeuwen foar it beskikber stellen fan de gegevens út it notuleboek.

14 Ferslach fan de 'Algemeene Vergadering op Donderdag 4 Augustus'. Yn: notuleboek k.f. Boalsert.

15 Boalsert organisearre dy wedstrijd op fersyk fan hoteleigner Kraak te Paterswolde. Der gongen 24 fan de bêste Fryske keatsers nei Paterswolde. De partij hie neffens it ferslach yn de Ljouwerter krante in propagandistysk doel: 'De Friezen hadden het vaak druk om aan de vele belangstellende dames en heeren verklaring van het kaatsspel te geven, en zij deden dit gaarne ook, omdat men buiten Friesland meer en meer het Friesche kaatsen wil trachten in te voeren.' De (knappe) priis, fan *f* 75 en trije sulveren medailles, waard wûn troch Jan Reitsma, Renze Schippers en Pieter Yetsenga. Sjoch fierder: 'De 1^e^ kaatspartij te Paterswolde'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 16 septimber 1891, s. 5.

16 Ik jou as taljochting ien foarbyld fan de (hege) jildprizen. Yn 1889 bestie de 1ste priis by de PC út 9 gouden Willems, wylst Boalsert *f* 90 beskikber stelde. Dat kaam del op trije oant fjouwer wiken (arbeiders-)lean. Sjoch: *Leeuwarder* Courant, 26 july 1889, s. 6 resp. 20 augustus 1889, s. 6.

17 Sjoch foar it belang fan it jild yn de keatserij: Pieter Breuker. 'Kaatsers, kasteleins en bestuurders. Materialisme en idealisme (1750-1923)'. Yn: Gofke Jensma en Pieter Breuker (red.). *Friese sport. Tussen traditie en professionalisme*. S.p. [De Gerdyk], 2009, s. 107-150.

18 Sjoch foar it eardere (folks-)keatsen yn Súd-Hollân: Pieter Breuker. "Boerenkaatsen' in Zuid-Holland: een verdwenen cultuurgoed'. Yn: Deselde. *Oan de hang. In samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer.* Dronryp, 1998, s. 66-82.

19 Sjoch: Gijs Zandbergen. *Pim Mulier, ijdel maar weergaloos*. Amsterdam, 1996.

20 *Leeuwarder Courant*, 30 juny 1892, s. 2.

21 Sjoch (it tige seldsume): *Exposition Internationale et Rétrospective du jeu de balle organisée […] par le cercle L'Avenir A l'occasion de son X^e anniversaire 1887-1897.* S.p. [Brussel], s.j. [1897], 'Catalogue', s. III-V. Sjoch ek: Pieter Breuker. 'De PC en de Belgen: in súksesfol partoer'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, s. 107.

22 Wa't goed thús is yn de PC-histoarje, sil dy datum nij dwaan. De PC-falt ommers 'altiten' op *de fiifde woansdei nei 30 juny* en dêrmei op syn gaust op 29 july en op syn lêst op 4 augustus. Ik gean earstdeis apart yn op ôfwikende PC-datums.

23 Se komme net foar op de list fan 13 partoer sa't dy yn de *Leeuwarder Courant* fan 29 augustus 1892, s. 5, te finen is.

24 In list mei seis partoeren wie, bûten in steand nûmer yn de twadde omloop (de winner fan fiif en seis), ek yn in oar opsicht net optimaal: it partoer dat stean bleau, siet fuort al yn de finale. Dat wie nûmer seis, dat ek nochris de priis meinaam.

25 *Bolswardsche Courant*, 1 septimber 1892, s. 2.

26 Dat betsjutte foar in arbeider dus twa dagen gjin ynkomsten, hielendal as er net yn de prizen foel.

27 De *Bolswardsche Courant* fan 1 septimber 1892 hie noch optimistysk steld: 'Of er dien dag ook belangstellenden uit onze provincie zullen tegenwoordig zijn? Zeer waarschijnlijk wel. In alle geval kunnen de kaatsers en het Bestuur onzer Vereeniging overtuigd zijn, dat alle Friesche kaatsers en de belangstellende leden der Kaatsvereenigingen in gedachten bij hen zullen zijn.'

28 *Leeuwarder Courant*, 14 septimber 1892, s. 2.

29 Der wie yn sekere sin in presedint. Oan de PC-wedstriid fan 1888 dienen twa Noard-Hollânske partoeren mei. Omdat op de PC (fansels) op de Fryske wize keatst waard, hienen de Andyksters gjin skyn fan kâns. Sy wienen, krekt as de Súd-Hollanners, wend oan hege en moaie opslachballen (al brûkten se dêrby gjin tamis). De opslach wie ek har fier genôch. Fierder koenen se mei de prippers fan de Friezen net folle wurde en se beskôgen dy as ûnsportyf. Sjoch foar in tige nijsgjirrich ferslach fan de Andykster ûnderfiningen yn Fryslân: Een Andijker kaatser. 'De Andijker kaatsers'. Yn: *Franeker Courant*, 16 augustus 1888, s. 2.

30 Myn kennis berêst op in krante-artikel yn it argyf fan it Keatsmuseum. Dêr is, troch Doeke Zijlstra, mei de hân by skreaun : '22-9-1892', sûnder de boarne te neamen. Ik ha dy oant no ta net fine kinnen, mar sykje fierder.

31 Pieter Breuker. 'De prizen: striid om jild en eare'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen. *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, s. 150.

32 De priis is troch Annie Roorda-Reitsma, in beppesizzer fan 'âlde' Jan Reitsma en in dochter fan dy syn soan 'jonge' Jan Reitsma, oan it Keatsmuseum skonken.

33 Freonlike meidieling fan Remko Jonker, in pakesizzer fan Sijbren Westra, yn in brief fan 19 july 2000 oan my.

34 'Het bestuur der Kaatsvereeniging "Bolsward" heeft van het uitvoerend comité der Int. Sport-, Visscherij en Paardententoonstelling een groote bronzen medaille met een herinnerings-diploma voor ieder lid ontvangen, wegens de ondernomen regeling der aldaar gehouden kaatspartij. De prijs- en premiewinnaars ontvingen mede ieder een herinnerings-diploma,' Sjoch: 'Particuliere Correspondentie'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 9 novimber 1892, s. 5.
No is it net hielendal dúdlik hoe't it mei de materiële oantinkens oan de wedstriid sit. Op grûn fan boppeneamd sitaat soe men oannimme meie dat dy net (hiel) lang foar de datum fan it kranteberjocht, 9 novimber dus, útdield binne. Men freget jin dan wol ôf wat it bestjoer fan Boalsert al fuort de jûns nei de wedstriid op 11 septimber meikrigen hat: 'Aan elk der Bestuurders van de Kaatsvereeniging [Bolsward] werd een souvenir aan den wedstrijd ter hand gesteld, onder dankzegging voor hunne uitstekende leiding, waarop de President de commissie bedankte voor den ondervonden steun en de gulle ontvangst.' Yn: *Bolswardsche Courant*, 15 septimber 1892, s. 2.

35 Freonlike meidieling fan Piet Bierma, broer fan Johannes.

36 Ik ha, bûten it diploma fan Johannes Bierma, nettsjinsteande in yntinsive syktocht yn de literatuer, op it ynternet, yn sportmusea en by partikulieren, gjin oare bewarre bleaune diploma's fine kinnen. Soks makket jin werris dúdlik hoefolle materiaal oft der yn de rin fan de tiid weirekke wêze moat.

37 De keatsers krigen it diploma dus net fuort mei nei hûs. It is op 30 septimber datearre, dat wol sizze 19 dagen nei de wedstriid, mar op 1 oktober (offisjeel) útrikt: 'Zaterdag 1 October ten 1 ure, officieele uitreiking der Medailles en Diploma's' (*Leeuwarder Courant*, 1 oktober 1892, s. 4). Mooglik binnne diploma's en medailles noch wer inkelde wiken letter yn Boalsert bedarre. Dêr soe it lette berjocht yn de Ljouwerter krante fan 9 novimber (sjoch noat 34) op wize kinne.

38 Dat is wat rûch fansels: it wenplak fan Bierma is net korrekt ynfold en twa funksjonarissen hawwe net tekene.

39 Der waarden foar spesifike ûnderdielen ek aparte medailles útloofd. Sa haw ik ek in medaille yn myn besit mei allinnich mar in ôfbylding fan de hynstesport. Op de achterkant stiet: 'Toegekend aan', mar de romte dêrûnder is leech litten. De medaille sil oer west hawwe.

40 Sjoch foar de posysje fan it keatsen yn Nederlân om 1900 hinne: Pieter Breuker, oanhelle wurk noat 18.

41 De belangrykste útsûndering dêrop foarmet de grutte manifestaasje fan 3-5 septimber 1919 yn Arnhim. Doel wie it toanen fan de rike fariaasje oan *Nederlânsk* folkslibben, wêrûnder it keatsen. Seis keatsers rûnen mei yn de folkloaristyske optocht en hâlden in demonstraasjepartij (mei as winners Jan Vlietstra (Frjentsjer), Ids Roukema (Harns) en Jappie Dijkstra (Menaam)). Ik hoopje oer dy manifestaasje en it plak dêryn fan it keatsen takom jier yn dit blêd te publisearjen. Dêrby sil ik dan ek yngean op *Fryske Trou*, in 'plastisch spel' fan de bekende Fryske toanielskriuwer Yme Schuitmaker, dat yn Arnhim syn premiêre belibbe (en alle jierren noch oer it fuotljocht brocht wurdt troch de Ljouwerter Skotsploech). Sjoch foar in wiidweidich ferslach fan it 'Vaderlandsch Historisch Volksfeest': Dirk Jan van der Ven. *Neerlands Volksleven*. Amsterdam, s.j.[2]

In keatsbal foar de ivichheid

sa'n keatsbal is in fers sûnder wurden
in trijediminsjonale ets fan tou en lear
in byldhouwurkje lykas de wrâld himsels

(út: Josse de Haan. *iP2r90* , nov. '93)

Us mem stoar op 26 septimber 1998. Twaeninheale moanne letter, op 16 desimber 1998, rekke ús heit ek wei. Fan augustus 1954 oant ein 1997, trije en fjirtich jier lang, hie ik fan myn trettjinde ôf syn striid meimakke om in kûgelrûne keatsbal te skeppen. Want dat wie it, in skeppingsproses. Dit duorre wat langer as in wike. Foaral sneins hie er it drok.

Ik wie krekt in heale dei yn San Sebastian, Baskelân, dêr't myn freondinne wenne. Doe't ik foar de reis ôfskied fan ús heit naam, neidat ik hast elke dei nei de dea fan ús mem by him west hie, sei er: 'Litst my yn de steek.'

Hanna Visser: Keatsbaltsje yn gers.
Ut: Bylden fan de PC, *Franeker, 2003.*

Doe't ik dy 16de om in oere of tolve wekker waard - 14 oeren riden easken har tol - seach ik op it antwurdapparaat dat myn jongste broer skille hie. Ik draaide it nûmer en krige syn dochter fan sân oan de line: 'Goeie omke Josse, pake is ek dea.' Lytse bern en dronken minsken, rjocht foar de raap. Doe kaam myn broer oan de telefoan: 'Fan 'e moarn doe't se him dûse soene, is er út har hannen glide, en wie er yn ien kear wei; silst komme moatte, want ús broer W. wol der neat mei te krijen ha.'

Hoewol't ik krekt in 1.500 km riden hie, sei ik ta dat ik de kommende nacht begjinne soe mei de rit werom, sadat wy de oare dei oerlizze koene en besluten nimme.

Us heit bestie net mear. Mear as fjirtich jier hie er keatsballen makke, op syn ienennjoggentichste elke dei noch twa. Dat wie foarby, foargoed. Spesjaal foar dat balmeitsjen hie er him op syn njoggentichste noch operearje litten oan ien each. De eachdokter krige in netsje mei ballen. In Hollanner dy't fan keatsen neat wist, noch nea sa'n apart kado krigen hie, mar it wol tige bysûnder fûn.

It is de styl

Ik hie de earste (brike) keatsbal yn in glêzen doaske, ik woe syn lêste ek hawwe. Tusken dy twa wie in berch fan wol fjirtich- oant fyftich tûzen keatsballen groeid. Hy hie se makke yn syn atelier – sittend op in tafel mei in elektrysk kacheltsje, in radiootsje, twa Singernaaimasines, in skilderij fan in boartsjend jonkje op eachhichte, tweintich of mear brommerplaatsjes oan de muorre, heale en hele keatsballen en ark om him hinne.

Trije lytse kowerútsjes joegen wat ljocht, mar lang net genôch, sadat boppe syn hannen in 100Watt-lampe hong – it kaam heel krekt mei sa'n bal. Hy moast suver rûn wêze, presys op in gewicht fan 23,5 gram brocht wurde en in trochsneed hawwe fan goed 3,5 sm.

Op de begraffenis makke ik yn de tsjerke in fergeliking tusken it meitsjen fan in keatsbal en it skriuwen fan in gedicht of in koart ferhaal. De lêste jierren krige ik yn de rekken dat it wol wat fan inoar hie – by beide spilet kreativiteit in rol, it easket konsintraasje, ek geduld en foaral in respektfolle behanneling fan it materiaal.

By in gedicht binne dat de wurden en de taalmooglikheden, by in keatsbal spylje de linigens fan it lear, it soarte fan hier en it naaien fan de foarm in grutte rol. Beide kreaasjes easkje boartsjen mei de mooglikheden en benammen yntuysje. Beide produkten ûntsteane yn folsleine stilte en iensumheid.

Sa't elke dichter oan syn styl te werkennen is, sa is ek elke keatsbalmakker dat oan syn einprodukt. De styl fan de balmakker komt yn alle ûnderdielen fan de bal werom. In goeie bal krijt de namme fan de makker of fan it wenplak fan de balmakker – Boazumer, Riester, Peinzer, ensafuorthinne.